

9. Mûskes fan goud

De measte minsken hawwe in hekel oan mûskes. As der in mûs yn 'e keamer is, dan geane sommige froulju op 'e stoel stean fan benaudens.

Dat komt grif om't mûskes sa fluch as wetter binne: hja rinne sa hurd as hja kinne om yn feilichheid te kommen. Sa'n baltende frou op in stoel, dêr binne mûskes bang fan!

En wy wenje noch wol yn tsjerke! Dat mei fansels alhiel net. Dat witte wy bêst hear.

Minsken neame ús ûngedierte om't ús soartgenoaten nochal wat skea oanrjochtsje. Wy skamje ús wol in bytsje foar dy minne namme. Wy ferniele wier neat yn tsjerke. Wy passe krekt op ús tsjerke. Wy soargje derfoar dat der gjin ferniel-mûskes yn ús tsjerke komme te wenjen.

Okkerdeis fertelde muoike Akke yn ús bernetsjerke in moai ferhaal út 'e bibel. It gie oer fiif mûskes fan goud. Echt wier. It ferhaal giet sa: (1 Sam. 6)

'Der wienen fiif ûndogenske keningen. Hja hienen fochten mei it folk fan de Heare God. Doe hienen hja de moaie kiste dy't by de Heare God heart stellen! Dat mocht fansels net. Dy kiste moast werom! Om't hja dat net dienen sei de Heare tsjin de mûskes: "Pleagje dy keningen mar goed. Knaach mar safolle stikken as jimme wolle. Yt al har iten ek mar op, dat sil har leare!" Dy mûskes dienen fuortendalik wat de Heare sei. Hja wienen grutsk dat de Heare harren brûke koe! Se knaagden alles dat mar koe hielendal fyn. De fiif keningen waarden dêr fansels wanhopich fan.

Doe seinen se tsjin elkoar: "Wy moatte dy moaie kiste fan de Heare dochs mar werom jaan. Dan jouwe wy der er noch in kadootsje by, om te sizzen dat it ús spyt". De fiif keningen lieten fiif mûskes meitsje fan klearebarre goud. Dy gouden mûskes setten se op 'e moaie kiste. En sa krige it folk fan de Heare God de moaie kiste werom: mei de fiif gouden mûskes derop'.

Muoike Akke fertelde sa spannend! Us bern wienen grutsk dat hja sels mûskes wienen. Doe sei muoike: "Sille wy mûskes boetseare? Omke Abe hat poerbêste Hitsumer klei opgroeven. Ik sil jimme helpe. Letter fervje wy se wol mei goudkleur".

No, doe gie it los. Wopke syn snorhierren sieten al gau ûnder de klei. De klean bleauwen ek net skjin. Lokkich hie muoike al tsjin Tytsje sein dat hja mei klei oan 'e gong woe. Dêrom hie Tytsje de bern gjin sneinske klean oandien. Hja is sa'n leave mem, hja wit krekt wêr't har bern ferlet fan hawwe. It like ek wol moai hear: Hiske en Hinke yn harren broek (dêr't hja oars altyd mei klimme) en Wopke yn syn rútsjebroekje. Muoike wie wol aardich kreas, mar ja, sy wit ek krekt hoe't se mei klei omgean moat.

De fiif mûskes fan it bibelferhaal steane no te pronk yn ús keammerke.

De goudferve is net oeral like goed oanbrocht, mar dat jout ús neat!

Wy binne bliid dat wy mûskes makke hawwe en... dat wysels mûskes binne!

No, oant de oare kear, Tynus, de tsjerkemûs fan 'e Terp.

